

## Beoordelingsmodel

Vraag	Antwoord	Scores
-------	----------	--------

*De mearkarfragen hawwe in gewicht fan 1 punt.*

### Tekst 1 Efterstâns situaasje yn Fryslân

1 D

2 **maximumscore 2**

Dat hy oan de wittenskiplikheid fan dy ûndersikers twifelet.

3 **maximumscore 1**

(As ien) it Fryske folksaard (hat) (dan) liedt (dat) ta efterstân.

*Opmerking*

*As der mear as 14 wurden brûkt binne, gjin punt takenne.*

4 **maximumscore 1**

Ja, dy binne retoarysk. Der kin mar ien antwurd jûn wurde: 'fansels net' / Der hoecht gjin antwurd op jûn te wurden.

*Opmerking*

*As der mear as 17 wurden brûkt binne, gjin punt takenne.*

5 D

6 **maximumscore 2**

It is in kultureel ferskynsel, want wearden en noarmen binne net erflik. Taljochting: De motivaasje moat ferwize nei "(...) dat der in wearde- en noarmepatroan efter sit dat fan de iene op de oare generaasje trochjûn wurdt." (r. 74-76)

*Opmerking*

*As kandidaat nei itselde ferwiist, mar mient dat wearden en noarmen erflik bepaald binne, ien punt ôflûke.*

*Opmerking*

*As der mear as 17 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.*

7 C

8 Bij deze vraag wordt aan de kandidaten, vanwege een onduidelijkheid in de vraag, altijd een punt toegekend, ongeacht of er een antwoord gegeven is en ongeacht het gegeven antwoord.

9 A

Vraag	Antwoord	Scores
<b>10</b>	<b>maximumscore 2</b> <ul style="list-style-type: none"><li>- "Hiel faak ... de 'frjemden'." (r. 109-113)</li><li>- "Hiel faak ... dy is." (r. 123-126)</li><li>- "It giet ... it eigene" (r. 142-143)</li></ul>	
	As twa fan boppesteande sinnen neamd binne	2
	As ien fan boppesteande sinnen neamd is en dêrby "want salang ... folslein minske" (r. 128-130)	1
<b>11</b>	<b>maximumscore 2</b> <p>Dy't in oare miening hat, wurdt sûnder argumintaasje foar dom útmakke. Ek goed: It is in drôchreden / persoanlike oanfal.</p>	
	<i>Opmerking</i> As der mear as 17 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.	
<b>12</b>	<b>D</b>	
<b>13</b>	<b>A</b>	
<b>14</b>	<b>maximumscore 1</b> <p>"(Ik wol net sizze,) dat yn ... oerdroegen wurde" (r. 164-167)</p>	
<b>15</b>	<b>maximumscore 2</b> <p>It foarbyld giet net oer in karaktereigenskip (mar oer in tsjerklik foarskrift).</p>	
	<i>Opmerking</i> As der mear as 17 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.	
<b>16</b>	<b>maximumscore 2</b> <p>Friezen foarmje in oare groep as bewenners fan Fryslân. ("Boppedat komme ... provinsje út." r. 159-161)</p>	
	<i>Opmerking</i> As ferwiisd wurdt nei it begryp "statyske situaasje" (r. 168-169), ien punt ôflûke.	
	<i>Opmerking</i> As der mear as 23 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.	

Vraag	Antwoord	Scores
<b>17</b>	<b>maximumscore 3</b>	
	<ul style="list-style-type: none"> <li>Friezen spanne har net bot yn.</li> <li>Friezen komme net foar harsels op // hawwe gjin ambysje.</li> <li>Folksaad is in statysk begryp.</li> </ul>	1 1 1
	Ek goed: Verhaar-en-dy omskriuwe it begryp "folksaad" net.	3
	<i>Opmerking</i> As der mear as 28 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.	
<b>18</b>	<b>C</b>	
<b>19</b>	<b>maximumscore 2</b>	
	<ul style="list-style-type: none"> <li>Alinea 6 en 7.</li> <li>Dy alinea's geane net oer it rapport fan Verhaar-en-dy.</li> </ul>	1 1
	<i>Opmerking</i> As der mear as 17 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.	
<b>20</b>	<b>D</b>	
<b>21</b>	<b>maximumscore 2</b>	
	Tekst 1 ûntkent it bestean fan in folksaad. Tekst 2 docht dat net.	

## Tekst 2 Aristoteles en (Fryske) identiteit

<b>maximumscore 19</b>		
<ul style="list-style-type: none"> <li>Ynhâld</li> <li>Staving en styl</li> </ul>		15 4
	<i>Yn it skema hjirûnder wurdt oanjûn hoe't de punten foar de ynhâld oer de ferskillende ynfo-eleminten ferdielt binne.</i>	
<b>22</b>	<b>maximumscore 1</b>	
	<i>titel en skriuwer</i>	
	<ul style="list-style-type: none"> <li>'Aristoteles en (Fryske) identiteit' troch Liuwe Westra</li> </ul>	1
	<i>Opmerking</i> As ien fan beide eleminten ûntbrekt, gjin punt.	
<b>23</b>	<b>maximumscore 1</b>	
	<i>oarspronklike betsjutting fan identiteit</i>	
	<ul style="list-style-type: none"> <li>Neffens Aristoteles is identiteit it 'itselde-wêzen' fan ferskillende persoanen.</li> </ul>	1

Vraag	Antwoord	Scores
24	<p><b>maximumscore 1</b>  <i>tsjintwurdige betsjutting fan identiteit</i></p> <ul style="list-style-type: none"> <li>(Dat it 'itselde-wêzen' spilet no ek noch altyd as jo je identiteit mei in dokumint oantoane.) Tsjintwurdich wurdt foaral tocht oan it hearren by in beskate groep.</li> </ul>	1
25	<p><b>maximumscore 1</b>  <i>it bestean fan groepsidentiteiten</i></p> <ul style="list-style-type: none"> <li>By elke groep heart in beskate identiteit. / In groepsidentiteit bestiet.</li> </ul>	1
26	<p><b>maximumscore 4</b>  <i>twa falkûlen</i>                      falkûle 1:</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>Identiteit wurdt ferbûn mei it dokumint dat de identiteit fan de drager bewiist.</li> <li>It bewiis wurdt dêrby wichtiger as de saak sels.</li> </ul> <p>falkûle 2:</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>It is suver ferplichte om mear as ien eigenskip te hawwen om ta in groep rekkene te wurden.</li> <li>Dat kin net, want by ien groep heart ien eigenskip.</li> </ul>	1 1 1 1
27	<p><b>maximumscore 5</b>  <i>it bestean fan de Fryske identiteit</i></p> <ul style="list-style-type: none"> <li>De Fryske identiteit is bekend wêze mei it Frysk.</li> <li>Wy tinke nammentlik yn taal en</li> <li>de taal is ús finster op de werklikheid.</li> <li>Jo diele mei al dy oare Friezen in beskaat finster op en dus in beskaat byld fan de werklikheid. / Mei it ophâlden fan Frysk te praten, giet in werklikheid ferlern.</li> </ul>	1 1 1 2
28	<p><b>maximumscore 2</b></p> <ul style="list-style-type: none"> <li>As de ynformaasje-eleminten yn in goede gearhing beskreaun binne</li> </ul>	2
29	<p><b>maximumscore 4</b></p> <ul style="list-style-type: none"> <li>Stavering en styl</li> </ul> <p>De kandidaat krijt 4 punten foarôf. Foar elke flater wurdt 0,2 punt ôflutsen. It maksimum tal punten dat ôflutsen wurde kin, is 4. It totaal tal punten foar stavering en styl moat ôfrûne wurde op hiele punten.</p> <p>Net rekkene wurde:</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>flaters op it mêd fan it al of net oaninoar skriuwen fan wurden</li> <li>ynterpunksjeflaters</li> <li>werhellingsflaters (deselde flater yn itselde wurd)</li> <li>te min / te folle spaasjes yn gefallen as dy't en yn 'e</li> </ul>	4

Fierder wurde punten ôflutsen foar it te boppen gean fan it tal wurden:  
221-225 wurden=1pnt, 226-230=2pnt, 231-235=3pnt, ensfh. Oftewol: earste tweintich wurden 0 punten en dan foar elke 5 wurden mear 1 punt ôflûke.

## *Foarbyldgearfetting*

Aristoteles en (Fryske) identiteit troch Liuwe Westra

Neffens Aristoteles is identiteit it 'itselde-wêzen' fan ferskillende persoanen. Dat it 'itselde-wêzen' spilet no ek noch altyd as jo je identiteit mei in dokumint oantoane. Tsjintwurdich wurdt foaral tocht oan it hearren by in beskate groep. By elke groep heart in beskate identiteit.

Der binne lykwols twa falkûlen. De earste is dat de identiteit no ferbûn wurdt mei it dokumint dat de identiteit fan de drager bewiist. It bewiis wurdt dêrby wichtiger as de saak sels. De twadde is dat it suver ferplichte wurdt om mear as ien eigenskip te hawwen om ta in groep rekkene te wurden. Dat kin net, want by ien groep heart ien eigenskip.

De Fryske identiteit bestiet inkeld út de eigenskip bekend wêze mei it Frysk. Wy tinke nammentlik yn taal en de taal is ús finster op de werklikheid. Jo diele mei al dy oare Friezen in beskaat finster op en dus in beskaat byld fan de werklikheid. (154 wurden)

## **Bronvermeldingen**

---

tekst 1	Jaap van der Bij, De Moanne 5, 2007
tekst 2	Liuwe H. Westra, De Moanne 7, 2007